

Oan de leden fan de FFU
Drachten/De Sweach, 14 juny 2023

Achte FFU-lid,

Hjirby ûntfange jo ús NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2022.

Graach hienen wy dat earder tastjoere wollen, sa't jo dat wend binne, mar troch de minne kommunikaasje mei de ING-bank is dat net slagge. Dêrom diskear gjin finansjeel ferslach; dat komt letter.

Sa't jo witte, binne de finânsjes fan de *Feriening Frysk Underwiis* oerbrocht nei in partikuliere rekken by de RABO-bank (gjin saaklike betel- en sparrekken mear).

Wy hawwe sjoen dat guon leden de bydrage foar 2023 al op dy rekken oermakke hawwe. Tank dêrfoar. Wa't dat noch net dien hat, wolle wy fersykje om it ledejild fan € 10,- (of mear) meikoarten te beteljen. Gjin jild oermeitsje nei ING! De rekken stiet op namme fan E. Knotter: NL84 RABO 0313 8450 50.

Yn it jierferslach is te lêzen dat der noch hiel wat út 'e wei set is, nettsjinsteande de swierrichheden mei koroana en bestjoersferoarings.

Mei achtinge en freonlike groetnisse,
Sytze T. Hiemstra, waarnimmend foarsitter en skriuwer
Ed Knotter, ponghâlder